

[1498] Robert Kleih, *Föhrrer, Friese, Friesländer? Eine empirische Untersuchung zur Beziehung von Sprache und Identität in Nordfriesland* (Estrikken/Ålstråke 111). Kiel – Groningen (2019), Institut für Skandinavistik, Frisistik und Allgemeine Sprachwissenschaft – Stiftung FFYRUG, 133 pp. ISBN 978-3-945743-12-6.

Dizze yn Grins en Kiel ferskynde útjefte is foar fierwei it grutste part de masterskripsje dêr't Robert Kleih (1988) yn 2016 by prof. dr. Jarich Hoekstra oan de *Christian-Albrechts-Universität* te Kiel mei ôfstudearre is. Yn seis haadstikken, in gearfetting, literaturoersjoch en in werjefte fan de brûkte fragelist, stelt de yn Hamburch berne ûndersiker de fraach yn hoefier hinne oft taal in wichtige faktor foar identiteit is en hoe't de bysûndere taalomstannichheden yn Noardfryslân op dy relaasje ynwurkje. Fierderop wurdt it dúdlik dat Kleih de identiteit fan de ynwenners fan Noardfryslân op it each hat, om dêr fuortdaliks de fraach oan te ferbinen wat de ûnderskate eleminten fan in Noardfryske identiteit binne, as it net allinne om taal giet. Wat draacht der ta by dat lju har mei de eigen regio of it eigen wenplak ferbûn fiele? Wat wurdt as typysk Noardfrysk sjoen? Is dat, sa freget Kleih him ôf, Theodor Storm syn *Schimmelreiter*, in broadsje fisk of de spreuk 'Leaver dea as slaaf'? Opmerklik is dat de ûndersiker hielendal net yngiet op ynstitúsjes lykas de regionale kranten, Fryske ferienings, it *Nordfriisk Instituut* of de regionale bestjoerslaach.

Om in antwurd te finen hat de auteur likernôch 700 fragelisten ferstjoerd oan in selekte groep: *Facebook*-brûkers dy't yn 1987-2015 eineksamen oan ien fan de seis Noardfryske middelskoallen dien hawwe. Wêrom't krekt dy lju benadere binne, is my net dúdlik wurden. Slimmer is dat mar goed tsien prosint fan de oanskreaune lju andere hat. Wat it mooglike ferskil tusken respondinten en net-respondinten is, wurdt de lêzer spitigernôch net gewaar. Kleih rjochtet him allinne op de fragelisten dy't er ynfolle werom krigen hat. Syn ûndersykspopulaasje bestiet út 29 respondinten dy't fan trije Noardfryske eilannen en 51 lju dy't fan de fêste wâl komme.

Us Wurk 69 (2020), s. 96-98; <https://doi.org/10.21827/5c580f367f093>

Sokke lytse tallen en de selektens fan de respondinten meitsje dúdlik dat de útkomsten net represintatyf foar de ynwenners fan de *Kreis* Nordfriesland binne. En dat dyselde útkomsten wol in beskate tendins dúdlik meitsje, sa't Kleih skriuwt, mar net ûnderbout, liket my tige de fraach. Feitlik kin der net folle mear fan sein wurde as dat tachtich respondinten dat en dat antwurde hawwe.

Yn it twadde haadstik giet Kleih yn op it dynamyske en yngewikkelde begryp identiteit yn gearhing mei taal en kultuer. Mei help fan it wurk fan û.o. George Herbert Mead en Lothar Krappmann stelt Kleih fêst dat taal effekt hat op immen har of syn identiteit, dat de identiteit fan immen it taalgebrûk stjoert en dat identiteit en taal yn likense parten spylje en troch oare lju fersterke en werkend wurde. De beheining ta taal is yn it ramt fan in skripsje te begripen, mar giet tagelyk foarby oan foar immen har of syn identiteit net minder wichtige fariabelen as bygelyks oplieding en berop. Sokke sosjaal-ekonomyske faktoaren binne dochs fan grut belang foar in ûndersyk nei identiteitsfoarming. Troch dy lizze te litten wurdt de fraach nei it belang fan taal foar de Noardfryske identiteit net beändere.

Hoe sjocht de identiteitsfoarming der út, as immen meartalich is, sa freget Kleih him ôf. En wat betsjut meartaligens foar de identiteit fan in groep? En njonken de wurking fan taal is ek de kultuer foar identiteit fan belang. En wat is regionale identiteit? Hokker merktekens binne fan belang foar identifikaasje mei in regio? Op grûn fan de literatuer, û.o. wurk fan Robert Haarmann en Heinrich Löffler, stelt Kleih dat de taal fan immen net allinne foar de eigen identiteit fan belang is, mar ek foar dy fan in kultuer, groep en regio. Wat betsjut Kleih syn drege eksersysje foar de Noardfriezen dy't boppedat ek nochris te krijen hawwe mei in wat langer wat fierder efterútgean fan it Frysk? Om de breklikens fan de Noardfryske taalsituaasje oan te jaan hellet Kleih de filolooch Nils Århammar oan, dy't yn 1994 tocht dat it Noardfrysk noch sa'n 10.000 sprekkers telde, mar yn 2007 dat tal werom brocht nei noch amper 5000. En dat wylst de *Kreis* Nordfriesland sa'n 160.000 ynwenners telt. Sa'n tredde part dêrfan soe har of him Noardfries fiele, mar betroubere sifers misse. Soenen sokke sifers lykwols doge – noch ôfsjoen fan it belang fan kulturele, sosjaal-ekonomyske en ynstitúsjonele faktoaren – dan moat dochs sein wurde dat it Noardfrysk as bepalende faktor foar de identiteit fan de regio net folle foarstelle kin. Kleih stelt op side 29 fêst dat de taal net as iennichst skaaimerke fan identiteit foar de Noardfriezen sjoen wurde kin. Dat is wat oars as dat syn eardere teoretyske eksersysje jin tinke lit.

Hoe fierder? Mei help fan in yn 2004 hâlden diskusje oer de fraach at de Noardfryske identiteit mear as allinne de taal is, tinkt Kleih, mei foarbygean oan de literatuer op dat mêd, dat ek kultuer en arsjitektuer, regionale skiednis, genealogy, lânskip, natuer en brúkmien fan belang binne. Dêrnei giet Kleih mei in fragelist oan de slach dy't net echt troch it foargeande stjoerd liket te wurden. Yn it foarste plak giet it om taalsosjologyske fragen. Wêr binne jo grut wurden, hokker taal prate jo, hienen jo Frysk op skoalle en wat tinkt jo fan it behâld fan it Frysk? Yn it oarde plak kin mei help fan in ordinale skaal oanjûn wurde wat de respondint foar de Fryske identiteit fan belang fynt. Binne dat taal, skiednis, genealogy of in *Phari-*

säer (kofje mei rum en slachrjemme), it ringriden, *Biikebrennen* (folksfeest mei fjoer op Sint Piter) of Storm syn *Schimmelreiter*? It mei-elkoar ferlykjen fan it belang dat de respondinten foar de Fryske identiteit hechtsje oan in *Friesentorte*, in kop tee of it ringriden, liket my werklik gjin inkeld doel te hawwen. Mar Kleih giet entûsjast mei de útkomsten oan de slach. De kompjûter rekkenet en fabrisearret moai kleurde stêfdiagrammen, dy't mei de lytse tallen dêr't it om giet, it byld op it earste gesicht krekt wat moaier lykje te meitsjen as dat de werklikheid rjochtfeardiget. Dat de respondinten dy't it Noardfrysk brûke har earder Fries fiele en har sterker mei de eigen krite ferbûn fiele as de Noardfriezen dy't gjin Noardfrysk prate, is fansels net echt nijs. En dat de spreuk 'Leewer duad as slaaw' op Föhr fan grutter belang foar de Fryske identiteit achte wurdt as troch de Fryskpratere op de fêste wâl soe wier wêze kinne, allinne kin dat sjoen it lytse tal respondinten sa net konkludearre wurde. It brûken fan persintaazjes fertekenet sjoen de lytse tallen it gewicht fan de útspraken noch fierder.

Jout it kreas útjûne boekwurkje ta beslút in antwurd op de fraach wat der ta bydraacht dat lju har mei de eigen regio of it eigen wenplak ferbûn fiele? En komt der in antwurd op de fraach wat as typysk Noardfrysk sjoen wurdt? Amper, want noch ôfsjoen fan de beheindens fan sawol de ûndersochte groep as de fragelist, bin ik winliken net folle fierder kommen as dat de brûkers fan it Noardfrysk dy taal fan belang foar de Fryske identiteit fine en dat de lju dy't gjin Noardfrysk brûke dêr oars oer tinke. Ek wit ik no dat de kennis fan it Deensk ûnder de respondinten berne nei 1980 moai wat heger is as fan de lju fan foar 1980. Dat seit wat oer meartaligens, mar net oer wat dy meartaligens foar it Noardfrysk betsjut. Likemin is my dúdlik wurden wat it antwurd is op it fraachteken yn de te moai alliterearjende titel fan it boekwurkje.

Op de side fan *uni-flensburg.de* lês ik dat Robert Kleih sûnt 2016 as wittenskiplik meiwurker oan de *Europa-Universität Flensburg* arbeitet en ûnderwilens dwaande is mei in dissertaasje oer de Noardfriezen en it Noardfrysk bûten Noardfryslân.

Piet Hemminga
phemminga@xs4all.nl